



Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis*

Itens, 4 jannewaris 2006

Achte leden,

Hjirby noaget it bestjoer jimme út foar de jiergearkomste op **woansdei, 1 febrewaris** yn sealesintrum 'It Aljemint' fan de Fryske Akademy te Ljouwert.

Lykas oare jierren wurkje wy wat it te besprekken **tema** oanbelanget, gear mei it *Pedagogysk Wurkferbân* en de *seksje Frysk* fan de *VLLT*. Ien fan de aktuele tema's yn ûnderwiislân op dit stuit is de ynhâld fan de 'canon'. De minister fan OCW hat okkerdeis de 'Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon' ynstallearre mei as taak om oan te jaan wat bern yn Nederlân histoarysk, kultureel en maatskiplik witte (leare) moatte. De fraach wurdt dan daliks aktueel oft de Fryske taal, kultuer en skiednis dêr dan ek by heart.

Dêrom it tema: **In Fryske Kanon**.

Wy binne bliid dat in lid fan dy lanlike kommisje, dr. H.M. Beliën, ferbûn oan de Universiteit fan Amsterdam, ree is om in bydrage te leverjen. Ek twa ynlieders fan eigen boaiem sille harren fyzje jaan. Wy rekkenje op in grutte belangstelling fan jimme foar sa'n wichtich ûnderwerp.

Foarôfgeand wolle wy apart ús **húshâldlike** gearkomste hâlde. Jimme kinne as leden fan de feriening it belied fan it bestjoer stypje en ek kritisearje. Dêrom moatte wy op 'e tiid begjinne en wol om **18.45 oere** yn ien fan de sealen fan 'It Aljemint'.

It programma sjocht der yn grutte halen sa út:

- **18.45 - 19.55 oere: de húshâldlike gearkomste fan de FFU**
- **20.00 - 22.00 oere yn 'e mande mei de seksje Frysk fan de VLLT en it Pedagogysk Wurkferbân: *In Fryske Kanon***

De útwurke wurklist stiet op de oare kant.

Taheakke:

- de wurklist foar de gearkomste op 1 febrewaris 2006
- it ferslach fan de jiergearkomste fan 2 febrewaris 2005
- it 'nijsbrief/jierferslach' oer 2005
- in akseptgiro foar it beteljen fan de kontribúsje oer 2006

It ledejild is €10 yn 't jier. Der binne alle jierren leden dy't mear stoarte en dat wurdt tige wurdearre. Leden dy't efterop binne mei it beteljen, fine op de akseptgiro in bedrach ynfolle om de efterstân yn te heljen. It finansjele ferslach oer it ôfrûne jier wurdt op de jiergearkomste omparte. Graach oant sjen op 1 febrewaris yn 'It Aljemint'.

Mei freonlike groetnis,
foar it bestjoer,

Th. Dykstra

Wurklist foar it húshâldlike en algemiene part fan de jiergearkomste op 1 febrewaris 2006 yn 'It Aljemint' (Fryske Akademy) te Ljouwert

A. Húshâldlike gearkomste FFU om 18.45 oere

1. Wolkom
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Ferslach *jiergearkomste 2005*
4. Besprek *Nijsbrief/jierferslach* oer 2005
5. Finânsjes:
 - a. jierrekken 2005 (wurdt omparte)
 - b. kaskommisje
6. Bestjoerssaken
7. Omfreegjen en sluten

B. Algemiene part yn 'e mande om 20.00 oere

1. Wolkom en ynlieding op it tema (foarsitter P. Bergsma, *Ped. Wurkferbân*)
2. Dr. H.M. Beliën (*UvA*) oer de *opdracht* fan de lanlike kanonkommisje
3. Drs. K. Huisman (*histoarikus*), oer *Fryske skiednis en kultuer*
4. Skoft
5. Dr. B. Gezelle Meerburg (*VLLT, seksje Frysk*) oer *Fryske literatuer*
6. Algemiene diskusje
7. Resolúsje 'In Fryske Kanon' (foarsitter Th. Dykstra, *FFU*)
8. Ofsluten